

Fryske Krite Hoarn

“Troch de Tael Forboun”

Y N H A L D

jannewaris 2020

Ledeberjochten.....	4
Ferlotting en tagongsprizen.....	5
Fryske wiisheden	6
Fryske bûsboekje 2020 mei poëzy oer tiid.....	7
Útnoeging foar 18 jannewaris 2020.....	8
Ferslach jiergearkomste septimber 2019.....	10
Douwe Egberts punten.....	13
De wurklist winterskoft 2019-2020.....	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl



Fryske Krite Hoarn

“Troch de Tael Forboun”

Oprjochte 1911

Oan ús krite leden en freonen,

Sinteklaasdei en ik sit it foarwurd te skriuwen foar ús krite krantsje. Foarhinne wiene wy fol spanning foar sa'n dei. Wat soe de Sint ús bringe. Letter moasten wy dichtsje en in surprize meitsje. De tiid fan bliid ferwachtsjen is foarby. No sjogge wy út nei de krysttiid en âld en nij. Mar der binne ek in protte minsken, dy't tinke 'wiene dy dagen mar foarby, der komt gjin mins en dy dagen duorje lang'. Ja net elkenien fynt it moaie dagen. Dochs hoopje ik dat jimme op goede dagen

weromsjen meie. De winkels lizze fol mei iten en drinken. No doch mar gewoan, dan is it ek goed.

Reade parkes fan beppe komme der grif op tafel en fierders nimt elk wat mei. It is

*Wy moatte
tsjintwurdich
alderhanne nije
resepten ut
probrearje*

faaks in pracht, mar hearlik 'allegaartsje'. It wurd wol wat op inoar ôfstimd. It is lykwols net al te oerdiedich.



En dan komt 2020 der ek al wer oan. Wat sil 2020 ús bringe? Mar wy hoopje op wat sûnens, in bytsje winter en al wat it waar fierder bringe sil. Ommers wy prate graach oer it waar. Hoe sil it komme mei



de stikstof en al de oare rompslomp yn ús lân.

Lykwols de boeren yn de Wieringermar hawwe allegearre in Fryske flagge oan de homeiepeallen hingjen. Se wolle wol by Fryslân

hearre oangeande it 'stikstofbeleid'. It is in moai gesicht dy wapperjende pompeblêden.

As bestjoer hoopje wy fansels ek dat it ús krite goed gean mei. Wy dogge tige ús bêst om moaie jûnen foar ús leden to fersoargjen. Sa komt 18 jannewaris de krite Bûtenpost mei it stik "Klontsjes". In fleurich stik en de spilers steane foar harren goede spyljen. We sille it sjen. Kom allegearre en nim freonen en goekunde mei.

Anjo Boonstra soarget foar in fleurich muzykje. De lêste jun wie it in goeie neisit yn it kaffee.

Op Freed 28 febrewaris is der wer ús lytse jun. Ik wit noch net wa der dan komt. Faaks is it bekend foar dat it krantsje klear is. Oars hearre jimme it op ús kritejûn.

We binne drok dwaande in sprekker te finen.

Nochris in goed jier tawinske. En al is it soms tsjuster en liket it as sil de sinne nea wer troch de wolken komme, dochs brekt der grif wer in sinnestriel troch. Sterkte foar dyjinge dy't it nedich hawwe mei.

Mei freonlike groetnis, Tiny Dijkstra

Ledeberjochten

Tige wolkom oan ús nije lid en wy hoopje dat jo jo gau thús fiele by ús krite:



- De hear A. Houtsma fan
Purmerend

Nij lid wurde yn 2020?

Wat krijt men derfoar:

De libbende krite ‘Troch de tael forboun’ organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn en in kear op freedtejûn mei in sprekker.

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde.

Wa nimt in nij kritelid mei yn jannewaris?

Wy tinke ek oan minsken dy’t op it stuit net nei de krite jûnen komme kinne fanwege sykte as oare swierrichheden. In protte sterkte tawinske.

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier: Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (yellowbirds53@gmail.com).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:
Tine Bouman-Westra

Fryske wiisheden

Men moat net alles sizze
wat men wit, mar wol alles witte
wat men seit.

Der is noch nea in brânkast
Efter in lykwein oan riden.

Snie yn 't slyk jout yn trije dagen
In hurde dyk.

In man is sa âld as er him fielt,
In frou is sa âld as se der útsjocht.

It komt der net op oan hoe âld
Men is, mar hoe't men âld is.

Ik moat myn fuotten sparje,
Sei de man en derom gie er
Op 'e knibbels lizzen.

As de âlde wiven op 't iis komme
Wol 't waar omslaan.

In bult geweld en de bûse plat,
In grutte steat en gjin himd
Om 't gat.

't Stiet kwealik dat de hin kraait
Der 't de hoanne yn 'e hûs is.

Fryske bûsboekje 2020 mei poëzy oer tiid

It nije Fryske Bûsboekje (2020) leit yn 'e winkels! Dit jier is it tema: "tiid". In moai tema foar in boekje dat je it hiele jier troch yn de bûse ha. In feilich plak yn dizze digitale tiden en ynternet dat net mear sa feilich is. De direkte oanlieding foar it tema is de aktuele diskusje oer simmer- en wintertiid dy't it kommende jier trochgiet. Wêr kieze wy foar: simmertiid of wintertiid? Wurdt 2020 it lêste jier dat wy twaris de klok fersetse?

It tema 'tiid' lient him foar poëzy. It nije Bûsboekje befettet dêrom in bydrage fan Janneke Spoelstra. Fierders organisearret de Bûsboekje redaksje in poëzykriich oer it tema tiid. Dichters (yn spé) wurde útneoge om in gedicht te skriuwen oer 'tiid' of in oar tema. Dat mei yn it Frysk of ien fan de oare streektalen dy't yn Fryslân sprutsen wurde.

It Fryske Bûsboekje 2020 is de fiifenfjirtichste útjefte. Sûnt 1975 hawwe frijwilligers alle jierren der foar soarge dat Friezen en net-Friezen yn it Frysk harren ôfspraken en kontakten fêstlizze kinne. De earste edysje fan it Bûsboekje is dy fan 1976. Yn it begjin wie it Kristlik Frysk Selskip (KFS) de útjouwer, tsjintwurdich is dat de Ried fan 'e Fryske Beweging.

Fan it Bûsboekje 2019 binne der wer 3400 stiks ferkocht. Sûnt de start binne der neffens ús berekkeningen sawat 218.000 Bûsboekjes ferkocht. *Dêrmei it it Bûsboekje it bêst ferkochte Fryske boek.*

Útnoeging foar 18 jannewaris 2020

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 18 jannewaris 2020 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it toanielstik:

KLONTSJES

spyle troch

Fryske krite Butenpost

Trije kear in date foar Atze. Moai fansels, mar sa ier op'e moarn hie der de trije froulju net ferwachte. Sy binne allegearre in heale dei te betiid. Underwilens komt der ek noch allegeduerigen in buorfrou del op syk nei swietichheid. En dan bringt ien fan de trije froulju ek noch in bern mei dat net fan harsels is. Atze soe de pake fan it bern wêze mar Atze is net iens heit ... Resjersjeur Bokke Jansma, broer fan ien fan de date's, moat helpe om it riedsel fan it bern op te lossen. Dat docht er op syn eigen bokkige wize. In stik dus mei ien frijgesel, trije dates, ien resjersjeur, ien bern, bysûndere humor, spikerhurde kompetysje, net te ferdragen spanning, gedichten fan heech nivo en sûkerklontsjes.

De spilers en meiwurkers:

Atze	Dictus Benedictus
Buorfrou Maja	Anneke Nieuwenhuis
Date Berke	Ria Krist
Date Jep	Renate Rutter
Date Liselotte	Frouke Holtrop
Resjersjeur Bokke	Andries Hovinga

Lûd	Jan Dijkstra
Ljocht	Jonas Reitsma



♫♫♫♫ De muzyk op dizze jûn wurd fersoarge troch

Anjo Boonstra ♫♫♫♫

Ferslach jiergearkomste septimber 2019

We kinne werom sjen op in noflikke jûn. Neist it bestjoer wiene 20 leden nei de Huesmolen kommen. De foarsitter iepenet de jûn mei it weromsjen op in moaie simmer. Ek stiet ja efkes stil by de betsjutting fan 'e Ofslútdyk foar al die Friezen die destiids nei Hollân giene. Doe wiene der ferskate kriterien yn Noardhollan, no noch twa (Hoarn en Hilversum).

Dernei betinke we de trije minsken die it ôfrûne jier ferstoarn binne.

We rinne rap troch de wurklist hinne.

Ferslach jiergearkomste 2017.

De skriuwer lêst it ferslach fan de jiergearkomste fan 21 septimber 2018 foar, der binne gjin opmerkingen en de oantekens wurde goedkard.

Ynkommen stikken.

Der binne gjin ynkommen stikken. Wol inkelde ôfberjochten.

De foarsitter wiist ús efkes op sneintemiddei 1 desimber. De Culturele Raad yn Wieringerwerf organisearret in Fryske middei.

It bewâld fan it bestjoer.

Douwe is de 2^e foarsitter en Harmke de 2^e ponghâlder. Renske soarget foar de PR en Popke is al jierren ponghâlder. Jetske soarget mei har Marinus (die net yn it bestjoer sit) foar de boekjes. Tiny is al wer inkelde jierren foarsitter fan 'e krite en Jan is de skriuwer. Dan binne der ek noch inkelde minsken die net yn it bestjoer sitte mar wol wichtich binne. Tine Bouman soarget foar de 'lief en leed

pot'. As der immen siik is skilje Tine efkes sa dat hja in kaartsje stjoere kin. Diny Boonstra soarget foar de priize tafel op 'e grutte jûnen. Anjo Boonstra soarget foar it muzyk op inkelde grutte jûnen. En dan net te ferjitten alle minsken die de boekjes run bringe.

Dit jier binne Popke en Jetske ôfgeand. Der binne gjin nammen binnen kaam, sadat Popke en Jetske op en nij ynhierd wurde.

Finansjeel oersjoch.

We binne as krite dit jier efterút buorke. It oantal leden rint elk jier tebek en de selskippen wurde net goedkeaper. Boppedat hiene we mei de jiergearkomste ek immen ynhierd foar de kwis. Om't wy net al te djoer binne yn fergelyk mei oare kriterien giet it ledejild fan €12,50 nei €15,00 yn it jier. Foar in grutte jûn geane de leden €5,00 beteljen en net-leden €12,50.

Rekkenopnimmers.

De rekkenopnimmers (Elly Bouma en Lies v/d Sar) hawwe de ponghâlder net op flaters betraapje kinnen. Neffens Lies witte de measte minsken net hoefolle wurk Popke ferset. Lies is oan bar om ôf te gean. Hja wurd betanke. Alie Duiker nimt Lies har plak yn as nije rekkenopnimmer.

Wat sil der barre yn it winterskoft 2019 – 2020?

It programma foar kommend winterskoft is noch net run. Ein oktober komme Klún & Knoffelhakke nei Hoarn. Anjo soarget foar it muzyk.

Omfreegjen.

As immen in toanielselskip, kabaret ploech of sjongkoar wit en tinkt dat is wat foar de krite jou it

troch. Noordenbos & Ko spilet al inkelde jierren it selde.

Sluting.

Tsjin njoggenen kin de foarsitter dit part fan 'e jiergearkomste ôfslette mei it gedicht "Wurden kinne in protte sizze" fan Pieter Jelles Troelstra.

Nei it bakje kofje mei koeke kinne we nei in DVD sjen die ús mei nimt nei ferskate skoandere plakjes yn Fryslân.

Oprop: de maaie reis nei de Noard Friezen

De skriuwer fan 'de Fryslannen' ropt de kriten op mei te dielen dat der wer in maaie reis op it programma stiet nei Dútslân / Denemarken. It is fan 16 oant 22 maaie 2020. In moai programma en ek noch mei in besyk oan it waadeilân Sylt.

De opjefte moatte foar 1 maart en de kosten binne 595 euro per persoan. Der is plak foar 40 minsken en fol is fol.

Foar mear ynformaasje kin jo terjochte bei de skriuwer Jan Vogel.



Hunebêd op it waadeilân Sylt

Douwe Egberts punten

In protte minsken sparje noch altyd Douwe Egberts punten. Dizze waardepunten meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas in Fryske Krite.

Derom wol ús Krite Hoarn ek meidwaan oan it garjen fan dizze

waardepunten De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite.

De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze.



Nimme jo de punten mei nei de kritejûn?



De bedriuwen dy't advertinsjes hawwe yn ús krite krantsje binne wichtige sponsors foar de sinten. Sa is bakker Otten mei de sukerbolle op de priize tafel oanwêzich.

De wurklist winterskoft 2019-2020

- | | |
|--------------------|---|
| 18 jannewaris 2020 | 2e grutte jûn: Krite
Butenpost mei it stik
'Klontsjes' |
| 28 febrewaris 2020 | lytse jûn: sprekker Peter
Swart oer in fergien
Medembliks oarlochsskip. |
| 21 maart 2020 | 3e grutte jûn.....? |

**Lokaasje fan de Krite Hoarn
De Huesmolen 60,
1625 HZ Hoorn 0229 – 234390**

Meidieling fan it Frysk Boun om Utens

Op 28 maart 2020 sil de Algemiene Gearkomst fan it Frysk Boun om Utens halden wurden by krite De Haach. Krite De Haach hat 120 jier bestien en is ien fan de aldste

Kriten fan us lân!

De krite Frysk Selskip 'Rjucht en Sljucht' hat 1 oktober 2019 120 jier bestien.



FRYSK SELSKIP „**RJUCHT EN SLJUCHT**”

LID FAN IT FRYSK BOUN OM UTENS

Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries
Till.: 0227 501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229 211749
e-mail: ddhoekstra@kpnmail.nl

Ponghâlder¹ en
lede-administraasje: Popke Slange
Till.: 0229 234881
e-mail: pslange@icloud.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229 234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Till.: 0229 263735 e-mail: jetskeleenstra@me.com	Renske Nauta- Haagsma Till.: 0229 237267 e-mail: dirkrenske@gmail.com	Harmke Burggraaff-Adema Till.: 0229 238284 e-mail: hamke.burggraaff@quicknet.nl
--	---	---

Eareleden: De hear Popke Slange
De hear Eppie Kloezen

Lief en leed: Tine Bouman-Westra,
Till.nr. 0226-353385



¹ Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn